

De artikelbydragen yn dit nûmer binne fan:

Edda Frankot, berne 1975 te Smilde, studearre skiednis (1993-1999) en midsiuwske stúdzjes (1997-1999) oan 'e Ryksuniversiteit Grins. Se promovearre yn 2004 oan 'e Universiteit fan Aberdeen (Skotlân) op it midsiuwske seerjocht yn Noard-Europa. Frankot wie fan 2002 oant 2004 ek ferbûn oan 'e 'International Max Planck Research School for Comparative Legal History' te Frankfurt am Main (Dútslân). Se publisearre artikels oer it seerjocht en 'e seerjochtspraktyk en is de auteur fan *Of Laws of Ships and Shipmen. Medieval Maritime Law and its Practice in Urban Northern Europe* (2012). Edda Frankot wurket op dit stuit as 'Honorary Research Fellow' by de al neamde Universiteit fan Aberdeen.

Clé Lesger, berne 1956 te Amsterdam, studearre ekonomyske en sosjale skiednis oan 'e Universiteit van Amsterdam (UvA). Yn 1990 promovearre er oan dyselde universiteit op *Hoorn als stedelijk knooppunt. Stedensystemen tijdens de late middeleeuwen en vroegmoderne tijd*. Fan dat jier ôf folge in lange rige fan tydlike oanstellings foar taken yn ûnderwiis en ûndersyk. Yn 1998 waard er as fakulteitsfellow beneamd oan 'e Fakulteit fan 'e Geesteswittenskippen fan 'e UvA. Yn dy fakulteit hâldt er him ek hjoed de dei noch dwaande mei sosjale en kulturele skiednis. Lesger syn jongste boek is *Het winkellandschap van Amsterdam. Stedelijke structuur en winkelbedrijf in de vroegmoderne en moderne tijd, 1550-2000* (2013).

D.J.A. Roodhuyzen-van Breda Vriesman, berne 1941, studearre skiednis oan 'e Universiteit fan Leien. Se promovearre yn 1998 by prof.dr. J.R. Bruijn op *In woelig water. Marineofficieren in de jaren 1779-1802*. Fan 1968 oant 1996 wurke Thea Roodhuyzen-van Breda Vriesman yn it fuortset ûnderwiis. Yn 2003 skreau se it boekje *De Admiraliteit van Friesland*, dat hearde by in útstalling mei deselde namme yn it Hannemahûs te Harns. Se wurket no as frijwillich wittenskiplik meiwurkster by it Nederlands Instituut voor Militaire Historie yn Den Haach.

Job Weststrate, berne 1975 te Amsterdam, mar opwoeksen yn Oldenzaal, studearre fan 1993 oant 1999 skiednis oan 'e Universiteit fan Leien, dêr't er yn lêstneamd jier ôfstudearre yn 'e midsiuwske skiednis. Wie fan 1999 oant 2004 as AYO ferbûn oan 'e fakploech Midsiuwske Skiednis fan 'e Universiteit Leien. Oan dyselde universiteit wie er fan 2004 ôf efterinoar ferbûn as propedeuzestúdzje-adviseur, ICT&O-meiwurker en tydlik dosint. Njonken dy funksjes wurke er fan 2005 oant 31 desimber 2006 as ûndersiker yn it IUAP-projekt 'Urban Society in the Low Countries from



the late Middle Ages to the XVIIth century'. Weststrate promovearre yn 2007 oan 'e Universiteit Leien op *In het kielzog van moderne markten. Handel en verkeer op de Rijn, Waal en IJssel, ca. 1350-1560*. Dêrnei wurke er as dosint oan 'e Universiteit Leien, de Universiteit van Amsterdam en 'e Ryksuniversiteit Grins. Oan lêstneamde ynstelling wurke er allyksa as postdok yn it ESF-projekt *Cuius Regio*. Hy publisearre oer de skiednis fan 'e Hanze en 'e konstruksje fan regio's yn East-Nederlân. Op 't stuit wurket er as opliedingssekretaris oan it Ynstitút foar Skiednis oan 'e Universiteit Leien en as groepslearkrêft yn it basisûnderwiis.

(Basearre op fan 'e auteurs sels oanlevere ynformaasje.)

